

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	<p><b>Poepjes</b></p> <p><b>Underwerp: meartalichheid by KH2018</b></p>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Fryske Akademy hat ûndersocht hoe't de organisaasje fan de Kulturele Haadstêd (KH2018) yn harren kommunikaasje omgiet mei de meartalichheid en de Mienskip. Te begjinnen mei it Bidbook fan KH2018 binne der hege ferwachtings wekt datoangeande.</p> <p>It blykt no, bygelyks op Twitter, mar ek yn oare kommunikaasje-úteringen o sa ôf te fallen mei it meartalichheids- en mienskipsgehalte. Hjirtroch ûntstiet in byld (of in bevestiging dêrfan) dat KH2018 hielendal net sa Frysk en ek net sa 'fan ûnderen op' is. En ek net ynternasjonaal genôch oars foar in Kulturele Haadstêd fan Europa, want neist it Frysk sjit ek it konsekwinte gebrûk fan it Ingelsk troch KH2018 te koart, sa hat de Akademy fêststeld.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Binne DS it mei ús iens dat der fan de KH2018 organisaasje ferwachte wurde mei dat hja by steat binne en realisearje yn harren kommunikaasjeplannen in konsekwinte meartalige útstrieling? Lykas op basis fan har eigen Bidbook ferwachte wurde mocht? Kreativiteit en kunde op it mêd fan kommunikaasje binnen KH2018 is der ommers genôch?</li> <li>2. Der giet in knoarre provinsjaal jild yn KH2018, mei neist de artistike doelen ek de meartaligens en it belûken fan de Fryske Mienskip; binne DS dan ek mei ús fan betinken dat der easken ditoangeande steld wurde meie om dy doelen te heljen?</li> <li>3. Hokker betingsten binne datoangeande steld oan de organisaasje?</li> <li>4. Wat moat der dien wurde om dy betingsten better neikomme te kinnen?</li> <li>5. En as dy betingsten net yn it foar steld binne, wat sil DS der dan oan dwaan?</li> <li>6. Binne DS mei ús fan betinken dat ús eigen provinsjale KH2018 projekt 'Lân fan Taal', mei syn útsoarte meartalige opset en útstrieling, ûnderstek dien wurdt as de ynbêding yn de rest fan KH2018 hielendal gjin meartalige útstrieling hat?</li> <li>7. De deputearre hat fia de media oanjûn 'persoanlik ta te sjen' op de meartalichheid en it Frysk by KH2018. Hokker konkrete yngrepen sil de deputearre dan no dwaan dêr't se dan persoanlik op ta sjen sil?</li> <li>8. Wat is de eftergrûn fan de skrilte diskrepansje tusken it sizzen fan de wethâlder yn de Ljouwerter ried oer dit</li> </ol>

	<p>ûnderwerp, en dat fan de deputearre foar de Omrop mikrofoan? De wethâlder liket yn dizzen net allinnich it wurd te dwaan foar de gemeente mar ek foar de organisaasje Kulturele Haadstêd, en de belutsen oerheden lykje net mei ien mûle te sprekken.</p> <p>9. Binne de doelen fan de belutsen oerheden mei de Kulturele Haadstêd noch hieltyd delsele as it giet om 'mienskip' en 'meartaligens' ?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Corlienke de Jong

Datum	24 oktober 2016
-------	-----------------